

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en fermeitsje. Dêrmei ferbynt en ferrikt de omrop elkenien dy't him ferbûn fielt mei Fryslân.

Omrop Fryslân siket in

Mediatechnikus (kamera)

foar 16 oeren wyks

Omrop Fryslân is op syk nei in entûsjaste en saakkundige mediatechnikus mei kamera as spesjalisasje om ús team te fersterkjen. As mediatechnikus (kamera) by Omrop Fryslân spilest do in krúsjale rol yn it fêstlizzen fan heechwaardige bylden (foar ynternet, online en telefyzje) dy't de ynhâld fan ús omrop fersterkje. Do komst te wurkjen yn in dynamyske omjouwing dêr'tst in grut ferskaat oan technyske kennis en feardichheden brûke silst om effektyf operearje te kinnen.

Dyn wurk bestiet út:

- ✓ Betsjinje fan ferskate soarten kamera-apparatuer en assessoiros.
- ✓ Oantreklike en profesjonele bylden meitsje troch byldkomposysje-prinsipes.
- ✓ Oanpasse fan beljochtingsynstellingen foar in optimale byldkwaliteit.
- ✓ Behearen fan audioteknik, ynklusyf mikrofoankonfiguraasje en lûdsnivo's.
- ✓ Tapasse fan ferskate kamerabewegingstechniken foar dynamyske opnamen.
- ✓ Taryede en útfiere fan mear-kamera-registraasjes, ynklusyf ynstallaasje fan apparatuer.
- ✓ Opsette fan live fideo-ferbinings en meihelpe by live-útstjoerings.
- ✓ Utfiere fan basale postproduksjetaken as dat nedich is (basisfideobewurking).

Neist de spesjalisasje kamera bist do ek ynsetber yn op syn minst twa fan ûndersteande rollen of do bist ree om dy dêr op koarte termyn yn te ûntwikkeljen: shading, audio-neibewurking, kleurkorreksje, ljochtteknik/ljochtûntwerp, titel/slomo-operator, rezjy, edit, skeakelteknik, redaksjonele wurksomheden

Wat freegje wy?

- ✓ In relevante mbû- of hbû-oplieding.
- ✓ Tige goed op de hichte wêze fan kamera-technology en byhearrende apparatuer.
- ✓ It fermogen om effektyf te kommunisearjen en yn teamferbân gear te wurkjen.
- ✓ De fleksibiliteit om te wurkjen yn in dynamyske omjouwing, ynklusyf jûns en yn it wykein.

Wat biede wy?

- ✓ In útdaagjende funksje yn in dynamyske en kreative omjouwing.
- ✓ In ynspirearjende wurkomjouwing mei kollega's dy't hert foar it wurk hawwe.
- ✓ In passend salaris yn leanskaal F fan de 'CAO voor Omroppersoneel' mei in lean fan op syn minst € 2.711,87 en maksimaal € 3.988,60 bruto yn 'e moanne by fulltime tsjinstferbân.
- ✓ In tsjinstferbân fan 16 oeren wyks foar in jier mei dêrnei in opsje foar in fêste oanstelling.
- ✓ Goede sekundêre arbeidsbetingsten, lykas ûnkostefergoeding, in desimberútkearing en kânsen foar profesjonele groei en ûntwikkeling.

By Omrop Fryslân wolle wy in ôfspegeling fan de maatskippij wêze, yn ús berjochtjouwing likegoed as yn ús personielsbestân. Wês wolkom by Omrop Fryslân en fiel dy frij om te sollisitearjen.

Liket it dy wat om by te dragen oan de byldkwaliteit fan Omrop Fryslân? Stjoer dan dyn cv en motivaasjebrief foar 28 april nei Ilse Gielstra, P&O@ omropfryslan.nl.

Wy sjogge út nei dyn sollisitaasje. De fakatuere is yntern en ekstern útset. De petearen wurde hâlden op freed 3 maaie.

Wolst do mear witte oer dizze fakatuere nim dan kontakt op mei René Dijk fia de mail: rene.dijk@omropfryslan.nl